

Nei de grinzen fan de lytse wrâld

Poëzy

troch Jaap Krol

Ik fiel my as in switfager sûnder swit. Ik bin bang dat ik net goed yn myn fel sit." Sa eindiget op side 45 *Rys mei rezinen / Grôt mei krôde*, de nijste 'bondel' fan Meindert Bylsma (1941). Ik set bondel mei sin tusken skrapkes, want de skriuwer is net foar ien gat te fangen. Is Rys no in samling *light verse* of binne it mear proazagedichten? Wat it wol is: in typysk Bylsma-boek, fol humor, boartlikheden en selsrefleksje. Bylsma is beslist net de skriuwer fan it grutte gebeart. Syn útfer-

grutting fan anekdoatske oantinkens en it gebrûk fan werkenbere punten yn it lân-skip en deistige foarwerpen binne noch altyd de útriners fan eksperimentele, faak tagonklike proaza en ready mades saas dy yn de sechtige jierren opkamen - Bylsma wie bygelyks ek ien fan de ynisyatyfnimmers fan de romrofte dichterstelefoan Operaesje Fers.

Rys mei rezinen is lykwols ek in boek mei in serieuze ûndertoan, want de skriuwer begjint op jierren reitsjen. Faaie tekens, it earste fers, begjin dan ek sa: 'Noch ien

kear wol ik my útrisse ta de striid: ien kear noch ynbreke yn 't libben, op 'e râne fan 'e tiid.' (side 6).

Dizze weemoed bliuwt de ynhâld oerhearskjen. De skriuwer tinkt oan syn âlden en hat de stille hope dat mem wer thús is mei eigenbakte bôle en selsmakke sjem. Hy tinkt ek oan syn pake en beppe en bekroadet him om it feit dat er it turfskipperspear noait better kennen leard hat.

Soms fyn ik dy stillearre anekdoatyk wol wat iensdich. Of de skriuwer no yn Frankryk, Kopenhagen of de


Schwartzwald is, oeral wurdt it ferlet fan Kimswert en omkriten besongen. It liedt wolris ta itselde ferske, in fariaasje op de bekende tegel-wisheid oer oeral thús wêze.

Lokkich is de skriuwer ek in boartlik observator. Bylsma skriuwt bygelyks bysûnder Frysk: syn wurdkar is soms beneamerich ('myn útinoar skuorde emoasjes'), mar tagelyk noait forsearre of teatraal. Bygelyks yn *De boekferkeaper*, dêr't in jonge boekferkeaper fan fyftjin miskien wol gefoelens hat foar in frou fan trietich: 'Yn 'e glêzen panne fan it panstrutsen dak hâldt de

moanne my swarthierrich út 'e sliep. Brúneagich laket er myn tinzen yn 'e ties. Tusken reade heuvels, yn in rook fan Lux, jou ik lang om let belies' (side 30).

Eins hawwe jo net safolle ferwar tsjin Bylsma's ferwûndering oer libben en dea - jo krije it der suver waarm fan.

1 *Rys mei rezinen / Grôt mei krôde*. Meindert Bylsma. Elikser, 10 euro



F22 22-2-14